

# Do! Ja, do ja!

**Wolsto bûsjild fertsjinje mei it FRYSK? TSJEK dan dit ris!**

## **DE GRUTTE FRYSKKE WURKSTIKPRIIS**

Bisto fan doel en meitsje in wurkstik yn it Frysk of in wurkstik dat mei Fryslân te krijen hat? Dat fine wy geweldich en dat wolle wy beleanje!

Fan dit skoaljier ôf kieze wy, de Provinsjale Fakseksje Frysk, alle jierren de bêste wurkstikken út dy't kâns meitsje op it winnen fan in moaie priis. Neist ivige rom en in offisjeel sertifikaat winsto ek in moai jildbedrach. Meidwaan kin yn twa kategoryen:

- Fuortset ûnderwiis (VMBO, HAVO, en VWO)
- Beropsûnderwiis en heger ûnderwiis (MBO, HBO en WO)

Yn beide kategoryen is de earste priis in jildbedrach fan €200,- en de twadde priis €100,-.

Wat moastst dwaan:

- In wurkstik meitsje yn it Frysk of oer in ûnderwerp dat mei Frysk en Fryslân te krijen hat. Dat wurkstik kin fan alles wêze, fan opstellen oant praktyske opdrachten en profylwurkstikken. Skriuwst dyn wurkstik yn de Fryske taal dan leveret dy dat ekstra punten op.
- Dyn dosint der op 'e tiid fan op 'e hichte bringe dat dyn wurkstik hjir wolris foar yn oanmerking komme kin. Oan de oare kant sil dyn dosint dat fansels ek yn de gaten hâlde, hy of sy moat dy nammentlik oandrage.
- Dyn dosint it wurkstik by ús oanmelde litte, sadat wy witte dat der in ynstjoering komt.
- It wurkstik foar 30 maaie 2022 ynstjoere.

Twivelje net en doch mei! Oanmelde kin troch te mailen nei [babs.gezelle.meerburg@nhlstenden.com](mailto:babs.gezelle.meerburg@nhlstenden.com)

LEVENDE Talen

TAALPLAN  
FRYSK 2030